NIJS

Tsjustere dagen, mear ûngelokken

Giedo Donkers · 1 november 2017

Tsjustere dagen komme deroan, sichtber de wei op krúsjaal

No't de dagen koartsje en de klok dit wykein in oere tebek giet, is it krúsjaal om goed ferljochte

de wei op te gean. Sadree't it tsjusterder wurdt, nimt it tal ûngelokken ta – hielendal as

it tsjuster mei min waar gearfalt. Novimber is 'ûngelokkenpykmoanne'. Soarchlik

yn de winterperioade is de stiging fan it tal ûngelokken mei fuotgongers en fytsers.

Dat docht bliken út in analyze fan it STAR-inisjatyf (Smart Traffic Accident Reporting) fan Politie, Verbond van Verzekeraars en ferkearskundich ict-buro VIA. Foar de analyze binne ferkearsdata brûkt fan de plysje út de perioade 2014-2016.

Tsjuster liedt ta ûngelokken

Tsjuster hat in negatyf effekt op it tal ferkearsûngelokken. Út de data docht bliken dat it ferskil tusken winter- en simmertiid benammen yn de moarnsspits ta grutte ferskillen liedt. De moarnsspits falt heal septimber al foar in wichtich part yn de perioade dat it noch net hielendal ljocht is. As de klok ein oktober in oere tebek giet, is it foardiel fan in ljochtere moarn mar fan koarte doer troch de dan fluch koarter

wurdende dagen. De moanne novimber – pykmoanne yn de ûngelokken – lit dat dúdlik sjen. Yn de jûnsspits, dy't nei it tebeksetten fan de klok yn it tsjuster ferrint, sjogge wy dat effekt ek werom yn de foarm fan mear ûngelokken.

Minne waarsomstannichheden kinne de (negative) ferkearsfeiligenseffekten yn de moarns- en jûnsspits yn de winterperioade noch fierder fersterkje. De moannen novimber, desimber en jannewaris telle gemiddeld de measte reindagen (tweintich) en dat is werom te sjen yn de ûngelokkenoantallen.

Winter: fuotgongers en fytsers ekstra kwetsber

Rjochtút soarchlik is dat fuotgongers yn de winterperioade wol fjouwer oant fiif kear faker belutsen binne by ferkearsûngelokken as yn de maitiid en de simmer. Ek it tal oanridings mei fytsers nimt mei in faktor trije ta yn de tsjustere tiid fan it jier. Dizze effekten binne foar in grut part it gefolch fan de fermindere sichtberens fan dizze 'swakke ferkearsdielnimmers', seker by min waar. It STAR-kollektyf wiist der dan ek op dat dit it momint is foar alle ferkearsdielnimmers om maatregels te nimmen om de kommende moannen goed sichtber de wei op te gean.

Altyd registrearjen fan alle ûngelokken: brûk MobielSchadeMelden

Goede ûngelokkensifers binne krúsjaal om de ferkearsfeiligens te ferbetterjen – en Nederlân wer werom te bringen yn de top trije fan ferkearsfeilige lannen (no in njoggende plak op de wrâldlist). Dizze analyze is makke op basis fan de beskikbere plysjeregistraasjes. Yn werklikheid fine mear ûngelokken plak, sawol mei auto's, fytsers as ek fuotgongers. It doel fan STAR is simpel: it altyd registrearjen fan alle ferkearsûngelokken. Troch fia MobielSchadeMelden jo ûngelok te melden ynformearje jo op maklike wize jo fersekerder, mar helpe jo ek jo gemeente, provinsje of Rijkswaterstaat om de ferkearsfeiligens te fergrutsjen.

Oer STAR

Politie, Verbond van Verzekeraars en VIA binne de inisjatyfnimmers fan it STAR-projekt (Smart Traffic Accident Reporting) dat in ein meitsje moat oan de ûnderregistraasje fan ûngelokken. It STAR-projekt krijt stipe fan tsien belanghawwende organisaasjes: Rijkswaterstaat, it Interprovinciaal Overleg, Vereniging van Nederlandse Gemeenten, it ministearje fan Infrastructuur en Milieu, Stichting Wetenschappelijk Onderzoek Verkeersveiligheid, VeiligheidNL, Koninklijke Nederlandse Toeristenbond ANWB, Fietsersbond, TeamAlert en Veilig Verkeer Nederland.